

Nachtflecht

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 996 9

1e printinge 2017

© 2017, Antoine de Saint-Exupéry

Oerset út it Frânsk troch Syt Bakker-Palma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Nachtflecht

Antoine de Saint-Exupéry

Foarwurd fan André Gide

Oerset út it Frânsk troch Syt Bakker-Palma



Opdrûgen oan Didier Daurat

Foarwurd

It doel fan de Loftfeartmaatskippijen wie om de striid oan te gean mei de oare middels fan ferfier. Dat wol Rivière, de figuer fan de treflike sjef, yn dit boek útlizze: 'It is foar ús in saak fan libben of dea, om't wy de foarsprong dy't wy deis op 'e treinen en skippen krije nachts kwytrettsje.' Dy nachtlike flecht, earst wakker bekritisearre, tenei tastien en útfierber wurden nei it risiko fan de earste proefnimmings, wie op it stuit fan dit ferhaal noch altyd tige nuodlik: by it ûntaastbere gefaar fan fleanrûtes fol ferrassings kaam hjir dus noch it ferriederlike mystearje fan de nacht. Hoe grut oft de risiko's ek noch bliuwe meie, dat nimt net wei dat ik derfan oertsjûge bin dat dy hieltyd lytser wurde; elke nije reis makket de neifolgjende wat makliker en feiliger. Mar foar de loftfeart, lykas foar it ferkennen fan ûnbekende oarden, is der in earste heroyske perioade, en Nachtflecht, dêr't ús it tragyske aventoer fan ien fan dy loftpioniers yn beskreaun wurdt, kriget dêrtroch de toan fan in epos.

Ik hâld fan it earste boek fan Saint-Exupéry, mar noch mear fan dit boek. Tsjinstfleantúch Súd bestiet net allinnich út treflik presys beskreaune oantinkens fan de piloat, mar it is tagelyk in leafdeskiednis en sa komt de held ús neier te stean. Hy is och sa ûntfanklik foar leafde, dat wy fiele dat it in kwetsbere man is. De held út Nachtflecht is minsklik bleaun, dat wol, mar tagelyk tilt er himsels op ta boppeminsklike geastkrêft. Ik tink dat fral syn nommele ynboarst yn dit heftige ferhaal my rekket. De minsklike swakheden, dat regels net neikommen wurde, dat krêften ôfnimme, dêr binne wy alhiel mei op 'e hichte en de hjoeddeiske literatuer is fierstente bedreaun om dy net oan it ljocht te bringen; mar dat hja ús sjen litte hoe't jo jesels oertrefte kinne troch stûfe kriich, dêr hawwe wy fral ferlet fan.

Noch opfallender as de figuer fan de fleander is neffens my dy fan Rivière, syn sjef. Hy hannelet sels net: hy draacht oaren wat op, hy ynspirearret syn piloaten troch syn geastkrêft, hy ferget fan har it uterste en twingt har ta dapperens. Syn ûnferbidlik beslút tolerearret gjin flaters en de lytste tekoartkomming wurdt troch him bestraft. Syn strangens, dy't op it earste gesicht

ûnminsklik, ûnfoech liket, slacht abslút net op 'e minske sels, mar op syn tekoarten, dêr wol Rivière oan wurkje. Troch dy beskriuwing hinne fiele jo de grutte bewûndering fan de auteur. Ik bin him bysûnder tankber dat er dy paradoksale wierheid ferklearret dy't foar my fan grut psychologysk belang is: dat minsken net lokkich wurde as hja har frijbliuwend opstelle, mar dat hja har earne ferantwurdlik foar fiele moatte. Elk personaazje yn dit boek set 'm hertstochtlik en folslein yn foar datjinge dat er dwaan moat, foar dy nuodlike opjefte, en allinnich as er dy ta in ein bringt, sil er de rêst fan it lok fine. En jo fernimme wol dat Rivière perfoarst net ûngefoelich is (gjin oangripender relaas as dat fan it besyk oan de frou fan de ferdwûne piloat) en dat der net minder moed foar nedich is om oarders te jaan oan syn piloaten, as foar dyselde piloaten om dy oarders út te fieren.

'Om je populêr te meitsjen', sil er sizze, 'moatte jo meilijen toane. Ik toan gjin meilijen, of ik lit soks net blike... ik ferwûnderje my soms oer myn macht.' En fierders: 'Hâld fan dyjingen oer wa't jo it befel fiere, mar sûnder dat tsjin har te sizzen.'

Dat komt ek om't it plichtsgefoel Rivière dominearret; 'dat ûnbegryplike gefoel fan plicht grutter as dy fan leafhawwen.' Dat de minske net it doel yn himsels fynt, mar 'm ôfhinklik makket, en opofferet oan wat dan ek mar, oan dat wat him dominearret en dêr't er foar libbet. En ik wol hjir graach dat 'ûnbegryplike gefoel' yn weromfine dat myn Prometheus paradoksaal sizze liet: 'Ik hâld net fan de minske, ik hâld fan wat him ferslynt.' Dat is de boarne fan alle heldemoed: Wy hannelje, tocht Rivière, as soe der wat weardefols útgean boppe it minsklik bestean... Mar wat? En fierders: 'Der bestiet faaks wat oars, wat duorsumers om te rêden.' Faaks is it dat part fan de minske dêr't Rivière oan wurket. Lit ús dêr mar net oan twivelje.

Yn in tiid dat it begryp 'heldemoed' betsjut dat jo it leger farwolsizze om't it liket as soe in manhaftige hâlding neat mear opsmite yn takommende oarloppen, en dêr't skiekundigen jo ta noegje om alfêst in priuwke te krijen fan dy ôfgryslke takomst, dan sjogge jo hoe't dy heldemoed 'm just yn 'e loftfeart bûtengewoan bewûnderenswaardich en nuttich ûntwikkelet, is 't net sa? Wat domdryst wêze soe, is dat net

mear as jo soks yn opdracht útfiere. De piloat dy't oanienwei syn libben weaget mei glimkje om it idee dat wy gewoanlik oer 'moed' hawwe. Saint-Exupéry sil grif tastean dat ik in wat âldere brief fan him sitearje; it datearret út 'e tiid dat er oer Mauritanïe fleach om de ferbining Casablanca-Dakar te ûnderhâlden:

'Ik wit net wannear't ik weromkom, ik haw it de lêste moannen tige drok: syktochten nei ferdwûne kollega's, reparaasjes oan fleantugen dy't yn opstannige gebieten delstoart binne, en in pear postflechten nei Dakar. Ik haw krekt lyn in lytse heldedied útfierd: twa dagen en twa nachten mei alve Arabieren en in monteur trochbrocht om in fleantúch te rêden. Ferskillende ûnferwachte, slimme gefaren. Foar 't earst hearde ik kûgels oer myn holle hinne fluitsjen. Ik wit no einlings wat ik bin yn sa'n situaasje: folle kalmer as de Arabieren. Mar ik haw ek begrepen, dêr't ik my altyd oer ferwûndere hie: wêrom't Plato (of Aristoteles?) moed op 'e leechste rang fan de deugden sette. Dy bestiet net út sokke moaie gefoelens: in bytsje dwylsinnigens, in bytsje idelens, in soad koppigens en deagewoan sportive nocht. Fral de

ferhearliking fan fysike krêft, dy't dêr dochs neat mei te krijen hat. Jo dogge de earms oerinoar, oerhind los, en jo komme wer goed op siken. Soks is earder noflik. As dat nachts bart krije jo it gefoel in grutte stommiteit begien te hawwen. Nea sil ik wer immen bewûnderje dy't allinnich mar moedich is.'

Ik soe as motto by dit sitaat in bûnige siswize út it boek fan Quinton sette kinne (dêr't ik it lang net altyd mei iens bin): 'Jo komme net iepenlik foar je dapperens út lykas foar je leafde.' Of noch better: 'Dappere minsken swije oer har dieden lykas earbere lju oer har jeften. Hja hâlde soks foar harsels of hja ûntskuldigje har dêrfoar.'

Alles wat Saint-Exupéry fertelt docht er mei kennis fan saken. Dat er persoanlik hieltyd mar weroan yn nuodlike situaasjes in oplossing sykje moat, jout syn boek in autentike en ûnneifolgbere bekoaring. Wy hawwe al tal fan oarlochsferhalen of tinkbyldige aventoeren lêzen dêr't de auteur soms syn linich talint yn bewiist, mar dy't wiere aventoerslju of striders oanlieding ta glimkjen jouwe as hja soks lêze. Dit ferhaal bewûnderje ik om syn literêre wearde en om't it in weardefol

dokumint is. Dy beide kwaliteite dy't op sa'n
ûnferwachte wize gearfoege binne, jouwe oan
Nachtflecht syn bûtengewoane betsjutting.

André Gide

I

Under it fleantúch lutsen de heuvels al in spoor fan skaad troch de gouden jûnsloft. De fjilden begûnen te gloedzjen en der kaam mar gjin ein oan: yn dit lân duorret it hiel lang foar't se har gouden gloed weromjouwe, lykas de snie dy't nei de winter lang lizzen bliuwt.

En piloat Fabien dy't út it uterste suden wei de post fan Patagoanië nei Buenos Aires brocht, fernaam oan deselde tekens, as seach er nei it wetter yn 'e haven, dat it wer jûntiid waard: oan dy rêst, oan dy lichte pinsielstreken fan stille wolkens. Hy glied yn in ymminse, woldiedige ree.

Hy hie troch dy rêst ek tinke kinnen dat er in stadige kuier makke, hast lykas in hoeder. De hoeders fan Patagoanië geane sûnder har te hastigjen fan de iene keppel nei de oare: hy gong fan de iene stêd nei de oare, hy wie de hoeder fan dy stedsjes. Om 'e twa oeren moete er guon dy't op wei wiene nei de rivieren om te drinken of dy't har te goed diene oan it gers dat dêr op it fjild woeks.

Bytiden, nei hûndert kilometers steppe, dêr't

nimmen wennet, noch slimmer as op see, fleach er oer in iensume pleats. Yn in dynjende beweging fan greiden like it wol as luts er in lading minskelibbens efter 'm oan. Dan groete er dat skip mei de wjokken.

‘San Julian is yn sicht; oer tsien minuten lânje wy.’

De markonist joech it berjocht oan alle posten fan de loftline troch. Dat wiene de lâningsplakken ferdield oer in ôfstân fan sa'n fiifentweintichhûndert kilometer, fan de Strjitte fan Magellaan oant Buenos Aires ta; mar fan dit fleanfjild ôf soene jo oer de grinzen fan de nacht hinne gean, sa't yn Afrika nei it lêste doarpke it mystearje begjint.

‘It tongeret en wjerljochtet sa, dat it knetteret oanienwei yn myn koptillefoan. Bliuwe jo fannacht yn San Julian?’

Fabien glimke: de loft wie kalm as in akwarium en alle lâningsplakken foar har joegen oan: ‘Heldere loft, wynstil.’

Hy antwurde: ‘Lit ús mar fierder fleane.’

Mar de markonist tocht dat it earne wolris swier waar wêze koe, sa't der earne yn in frucht wolris wjirms sitte kinne; it soe in moaie nacht wurde,

dy't dochts oantaast wie: it stie him lang net oan om sa'n oanfretten tsjusternis yn te gean.

Doe't Fabien mei net folle toeren op 'e motor mei de lânning op San Julian begûn, fielde er 'm wurch. Alles wat it libben fan minsken noflik makket, kaam him hieltyd moaier foar: har huzen, kafees, en de beammen dêr't hja har kuierke makken. Hy wie as in machthawwer dy't oan 'e jûn fan syn feroveringen de lannen fan syn ryk skôget en sa it ienfâldige lok fan de minsken ûntdekt. Fabien woe syn wapens graach dellizze, syn wurgens en syn stive spieren fiele, want jo kinne ek ryk wêze mei in earmoedich bestean en hjir libje as in ienfâldich man dy't troch it finster nei bûten sjocht dêr't tenei neat mear feroaret. Dat doarpke soe er akseptearre hawwe. Nei't jo je kar makke hawwe, binne jo tefreden mei de wiffens fan it bestean en kinne jo je der wol by befine. It makket jo honkfêst, krekt as de leafde. Fabien hie hjir graach lang tahâlde wollen, hjir syn partsje ivichheid belibje wollen, want stedsjes dêr't er in oere wie, en de troch âlde muorren ynslatten tunen dy't er tsjinkaam, soene sa't hy dat belibbe, bûten him om ivich bestean. En it doarp kaam hieltyd tichter by en tearde 'm foar de bemanning iepen. En Fabien tocht oan

freonskippen, oan leave jongfammen, oan de yntimens fan wite taffellekkens, oan alles wat him sa njonkelytsen foar altyd yn besit nimme soe. En it doarp struts deun ûnder de wjokken troch en sprate it geheim fan syn ôfsletten tunen út, har muorren beskermen har net mear. Mar doe't Fabien op 'e grûn stie, wist er dat er oars neat sjoen hie as it trage bewegen fan in pear minsken tusken har stiennen. Dit doarp ferdigene allinnich al troch syn ûnferweechlikens it geheim fan syn hertstochten, dit doarp stie syn lok net ôf: hy hie it wurk dellizze moatten om it te feroverjen.

Doe't de tsien minuten opûnthâld ferstrutsen wiene, moast Fabien wer fierder.

Hy seach noch efkes om nei San Julian: it wie oars neat mear as in hantsjefol ljochtsjes, dêrnei wat stjerren dy't har op 't lêst fersillen ta stof dat him foar de lêste kear yn it ferlied brocht.

'Ik sjoch de wizerplaten net mear: ik doch it ljocht oan.' Hy drukte op 'e knoppen, mar de reade lampen fan de cockpit skynden noch sa yl op 'e wizers yn dat blauwe jûnsljocht, dat der feroare hast neat. Hy gong mei syn fingers foar

it elektryske lampke lâns: syn fingers feroaren
amper fan kleur.

Te betiid.

Dochs kaam de nacht as in donkere reekwolk
opsetten en folde de dellings al. Jo koene se net
mear fan de flakke fjilden ûnderskiede. Yn 'e
doarpen gongen de ljochten al oan, it waarden
stjerrebylden dy't mei-inoar yn kontakt stiene.
En hy liet mei de finger syn navigaasjeljochten
knipperje en seinde sa nei de doarpen. De
ierde wie fol mei ljochtsinjalen, elk hûs liet
foar de ymminse nacht oer syn stjer brâne sa't
in fjoertoer syn ljocht oer de see skine lit. Alles
dêr't minsklik libben efter beskûl gong fonkele
en skittere al. Mei bewûndering seach Fabien
hoe't hja diskear de nacht ynsylden as glieden
hja yn in kalme, moaie ree.

Hy bûgde him foaroer yn 'e cockpit. It radium
fan de wizers begûn op te ljochtsjen. De piloat
kontrolearre de meters ien foar ien, de sifers
strutsen mei-inoar, hy wie tefreden. Hy fielde dat
er stevich yn 'e loft hong. Hy kaam efkes mei de
finger oan in stielen spant, en hy fielde hoe't der
libben troch it metaal streamde: it metaal trille
net, mar it libbe. Troch de 500 HK fan de motor
ûntstie der in lichte beweging yn it materiaal

dy't syn kâlde hurdens yn in flewielen hûd feroare. En ek diskear fielde de piloat ûnder de flecht gjin dûzigens en likemin opwining, mar it heimsinnige wurk fan in libjend lichem.

Hy hie no in eigen wrâld om him hinne skepen en hy moast 'm dêr sûnder behinderingen wol noflik fiele. Hy tikke op it skeakelboerd, rekke de knoppen ien foar ien oan, skeukte wat hinne en wer, gong wat oars sitten en socht de bêste posysje om de skommelingen better te fielen fan de fiif ton metaal dy't in ûnstabile nacht op 'e noed hie. Dêrnei treau er op 'e taast de needlampe teplak, liet 'm los, bewissige 'm nochris dat er net fuortgled, liet 'm wer los om efkes alle hendels oan te reitsjen, dat er dy feilleas fine koe, en om syn fingers blynseach de wei te learen yn it tsjuster. Doe't er dat allegear goed yn 'e fingers hie, stie er himsels ta in lampe oan te dwaan en sa syn cockpit mei sekuere ynstruminten te fersieren. Hy seach no allinnich noch nei de wizerplaten hoe't er de nacht yn fleach as immen dy't ûnder wetter dûkt. Om't der neat los siet of trille en de gyroskoop, de hichtemeter en it toeretal fan de motor konstant bleau, rekte er 'm wat út, line mei de nekke tsjin it lear fan syn stoel en rekke, lykas gewoanlik